

Foto : Tsjerke Kimsverd.

Foarsitter:	Paulus Hettinga	452331.
Sekretaris:	Marijke van der Pol	393309.
Skriuwadres	Kleijenburg 8 8801 KN Frjentsjer	
Ponghâlder:	Alte Lourenz	396493.
Ald tsjerkfâd:	Ane Hofstra	392697.
Diakonij:	Joke Hoekstra	392910.
Kommisjeleden:	Oane de Boer	393628.
	Ep van Duinen:	392894.
	Jan de Haan:	341865.
	Hidde Frankena:	396980.
Hiembearder:	Appie Reitsma fowhj@kpnmail.nl	394348.
Oargelist:	Evert Dijkstra lemie-evert@hotmail.com	395104.
Kosters:	Harrie Span	394926.
	Piet & Trix Terpstra	850124.
	Thomas Wiersma	394117.
Hiemside	www.fowhjerbeam.nl	

Folhâlde

It is fêstentiid. Of sa't men hjoed de dei in protte seit: 40-dagentiid. Oar wurd: de lijenstiid. It is begûn op jiskewoansdei.

De palmbeamtûken fan foarich jier binne fertoarre en wurde ferbaarnd. Mei die jiske krije de parochianen in krús op 'e foarholle skreaun. Sa is it de tradysje yn de Roomske tsjerke.

It wurd lijenstiid wie/is gongber yn de protestantske wrâld.

Mei't it minskdom de lêste tiid hieltiid mear in byldtinker wurdt, wurdt de byldrykheid fan de Roomske tsjerke mear algemien.

Sa wie 'k okkerdeis te preekjen yn It Heidenskip. Dêr hie de lieding fan de bernetsjerke in grutte stopfles fol mei fan dy hearlike spekjes fan Frisia. Net allinne by bern rûn it wetter om de tosken. Der waard my as foargonger frege: Wolle jo wol oan de bern útlizze, dat er krekt mei Peaske iepen mei? Dat ha ik dien, mar net allinne oan de bern. Wy wurde der ommers yngeand op traind om mei graachte in graai yn de snobbepot fan it deistich libben te dwaan.

Ienris yn de woastine jammere it folk om de fleispotten fan Egypte.

Ja, 40-dagentiid is woastinetiid. Woastine

tiid is meditaasjetiid. Meditaasjetiid is oefentiid. Oefenje yn folhâlden.

Want langje nei de snobbepotten en fleispotten is langje nei in slavebestean. Mar dêr binne se no krekt úthelle, de minsken fan Israel. Woestintiden binne tiden fan yngeande meditaasje, fan yngeande oefening. Om de gloarje fan de oerwinning te fielen, moat der earst traind wurde [I Kor.9:23-27].

Langduorjend en fûl. It is in kwestje fan folhâlden.

Sa meie wy learlingen, dissipels wêze.

Sûnder dissipline makket in dissipel gjin stappen.

Betiden hat it libben it folk yn de woastine om de earen slein.

Om dan de rêst te bewarjen en fol te hâlden, om dan net werom te fallen yn de Egyptemodus, dat freget betiden in soad fan in mins.

As in duveltsje stekt betiden it langstme nei de snobbepot de kop omheech.

Wa't yn Kristus libbet wit wat it foarlân is.

As in dissipel rint er de tocht fan de fêstentiid. Hy hâldt it út.

Want hy wit: de dage brekt oan. It ljocht stiet op trochbrekken.

Ljocht dat ús oantrúnt ta de dage;

Ljocht dat de nacht op ôfstân set. De ropstim fan Peaske klinkt.
 De Stim, dy't ek myn ferfage siel ropt ta nije glâns.
 Wy, minsken fan de 40 dagen, wy hawwe doel.
 Sicht dêrop jout ynspiraasje. Ynspiraasje jout leauwenskrêft.
 Krêft op it út te hâlden.
 Want it is betiden wol wat: sa'n snobbespot mei it deksel derop.
 In hertlike groet fan ien fan jim tochtgenoaten.

Herke Giliam.

De kommende fieringen yn'e Niklaastsjerke fan Hjerbeam

16 april	dhr. L v/d Ven	Aldeboarn	Peaske
30 april	ds. K Visbeek	Dokkum	
14 maaie	ds. Ament	Ljouwert	Kofje
28 maaie	ds. K Visbeek	Dokkum	
4 juny	dhr. H. Gilliam	Penjum	Pinkster
18 juny	ds. H. Wagenaar	Jorwert	
2 july	frou Post-Knol	De Ryp	
16 july			
30 july	dhr.P. Fortuin	Deinum	Kofje
13 aug.	dhr. G v/d Veen	Lemmer	

De fiering fan 16 july sil in tsjinst wurde by ien fan de oare Oekumenyske Wurkferbannen, mar dat is noch net rûn.

“Sykje de blommen
 wêrsto by kinst en
 meitsje dêr in
 boeket fan”

Yn Memoriam

Ans Okkinga-van der Wal

*16 augustus 1939 †23 desimber 2016

Ans wie ien fan de 4 tsjerkerieds leden
dy't yn 1975 oan de widze stie fan it
Frysk Oekumenysk Wurkferbân

Hjerbeam.

Mei troch har jierren lange ynset waar it
wûnder fan Hjelbeam berne.

Foar die ynset binne wy har tige tankber.

Wy bliuwe mei har ferbûn troch de ban
fan de leafde. (1Kor.13,13)

Ut namme fan FOWH, Paulus Hettinga

Hjirby wolle wy elkenien tanksizze
foar alle waarme bliken fan meilibjen,
dy't wy ûnderfûn hawwe nei it ferstjerren
fan myn leave frou, ús mem,
skoanmem en beppe

Diny Postma-Pieters

It hat ús tige goed dien.

Marten Postma, bern en bernsbern

Frjentsjer, febrewaris 2017

‘t Goede is sterker as ‘t kweade;

De leafde sterker as haat;

Ljocht is sterker as tsjuster;

Libben sterker as dea;

Hy hat oerwûn.

Syn leafde draacht ús.

tekst; Desmond Tutu oersetting; Atse Bos

Ut de kommisje.

De Stichting Frysk Oekumenysk Wurkferbân Hjerbeam wol iepen wêze nei de besikers fan de tsjerketsjinsten en nei de ynwenners fan Hjerbeam en omkriten.

Dy hawwe elkoar nedich.

De stichting wol de tsjerke yn stân hâlde, want sûnder tsjerke gjin frysktalige oekumenyske tsjinsten.

Foar it yn stân hâlden binne ek de ynwenners fan Hjerbeam nedich.

Der moat draachflak wêze.

De ynwenners wolle de tsjerke mei it moaie tuorke dat fan fierren al boppe de beammen út komt sjen bliuwen.

Dat mei dôchs net fertutearzje en ta de sloop reitsje !

Wêr is de kommisje de ôfrûne tiid mei dwaande west.

Yn de lêste gearkomst is de evaluaasje oan de oarder west fan de moeting sjûn op 19 jannewaris, dy 't yn it kafee Oant Moarn hâlden is.

Tige moai dat der san grut oantal minsken wienen.

Fansels is it ek wichtich wat oan de oarder west hat.

De preeklist. De opmerkings binne besprutsen en der wurdt al wurke oan de list foar 2018. In grut oantal tsjinsten is al ynfolle.

De tagong ta de tsjerke. Mei al dat grint op 'e paden bliuwt it oanpassen. Asfalt is dôchs gjin oplossing en om de paden mei stientsjes te ferfangen hat noch net de prioriteit.

Wij wolle in iepen mienskip bliuwe wêr't foar elk plak is mei ferskaat fan stânpunten en opfettings die wy fan elkoar respekt earje.

Fansels ek de sinterij is besprutsen, der fierder mear oer.

Dan is der de winsk om it doarp ek mear romte te jaan yn it krantsje.

Dêr wurdt oan wurke.

It opsetten fan in stipersaksje moat noch oan de oarder komme.

De oergong fan Herfoarme tsjerke nei de Stichting is no hast hielendal rûn.

De rykssubsydzje foar de ynstânhâlding is noch net regele, mar wol oanfrege.

De Jildsaken. Ja wy hawwe no ek in begrutting foar 2017.

Mei de oergong fan eigendom binne der ek mear saken dy 't wy regelje moatte. Dat kost jild en oandacht fan de kommisje, bygelyks it ûnderhâld en de fersekering.

De begrutting jout no in bedrach oan fan hast €16.000,-- en dat wie in € 6.000,--.

Foar it ûnderhâld hawwe wy in programma foar 2014-2019 mei in rûzing fan de kosten.

Der wurdt elk jier in bedrach yn it ûnderhâldsfûns setten sadat de kosten betelle wurde kinne en goed ferdiel wurde oer de ferskate jierren.

De ynkkomsten fan it fûns besteane út de hier fan it lân, de subsydzje en giften/kollektes.

De begrutting 2017 slút mei in lyts tekoart, mar wy tinke dat dat op 'e ein fan it jier wol goed komme sil, al bliuwt it wol yn ús omtinken fansels.

Dan de bousaken. Hja, der moat wol it ien en oar barre dit jier.

Dat jout it ynspeksjerapport fan Monumintesoarch dúdlik oan en it folget ek út it mearjierrich ynstânhâldingsplan 2014-2019.

Der moat skildere wurde, de houten finsters oan de noardkant binne hjir en dêr wat rot en dy oan de súdkant – dy fan getten izer binne - sa rustich dat fentilearjen net mear kin en se sels bol stean.

Wat is wiisheid? Ferfange of restaurearje? Yn elk gefal nei glês.

Ek in goate is net mear hielendal goed.

Us oargelist, Evert Dijkstra, is in tal wiken yn Nij Seelân, by famylje en in brulloft midden yn in natoergebiet !

Wy misse him, mar it oargel en de begelieding fan it sjongen is by Sjoerd de Boer yn goede en fertroude hannen.

Wy binne nijsgjirrich nei de ferhalen fan Evert en Iemie.

Der hingje **skilderijen yn tsjerke.** Dy binne makke troch koster Harry Span. Passe goed !

De aksje mei **krystbakjes** foar âldere ynwenners fan Hjerbeam en omkriten is ek wer fersoarge.

Gearstalling fan de kommisje.

In pear persoanen fine it tiid harren plak frij te meitsjen foar in oar.
De foarsitter sil der oer skriuwe yn dit krantsje.
Graach nammen dy it wurk stypje wolle sawol dy't de tsjerketsjinsten besykje as dy't in bân hawwe mei Hjelbeam.
Hidde Frankena, kommisjelid.

Fan de ponghâlder:

Opbringsten fjirde kwartaal 2016

Kollekten: Frysk Oekumenysk Wurkferbân Hjerbeam.

Oktober	€ 258,97
Novimber	280,70
Decimber	416,12

	€ 955,79

Diakonijkollekten :

2 oktober - Wilde Ganzen	€ 128,50
16 oktober – Cordaid	170,00
30 oktober – Speelgoedaktie	168,00
13 novimber – Namasté	115,15
27 novmeber – It Lichtpunt	132,50

Jeften : € 2.414,00

Foar alle jeften hertlik dank !

Bankrekkens :

Stichting FOW Hjerbean	NL45RABO 0320 4351 56
Diakonij Stichting FOW Hjerbeam	NL38RABO 0320 4395 50

De ark fan Noach

Ik haw dizze dagen it boek “Ararat” fan Frank Westerman ûnder hannen. Ararat is, sa’t jo witte, de berg, wêrop at neffens de Bibel (en de Koran) de Ark fan Noach te lâne kaam.

Dy berg is te finen yn it hjoeddeiske Armenie, by de Turkse grins en mei syn mear as 5000 m gâns heger as de Mont Blanc.

Al yn 1271 beskriuwt Marco Polo de berg as in tige hege en kubusfoarmige berg.

Auteur Westerman fertelt oer de berg, oer syn eigen beklimming en oer de aventoeren fan de earste Europeeske beklimmer, de Dútser Friedrich Parrot, dy’t yn tsjinst fan de Russyske Tsaar de top fan de Ararat yn 1829 besocht te berikken.

Wy witte noch noait as him dat slagge is.

En wêrom net? In offisjeel dogma fan de Armeenske Tsjerke seit, dat harren hillige berg Ararat net te beklimmen is: hij is ûnoantaastber.

Doe’t Parrot syn Armeenske berggidsen frege te tsjoegen, dat it wier wie, dat se de top fan de Ararat beklommen hienen, wegeren sy dat dan ek: sy doarsten harren “geloof” net ôf te fallen.

In healwizer dogma kinne jo ek net fine, tinkt my sa.

Nei 1829 komt de beklimming fan de Ararat en it sykjen nei de Ark (=kist) fan Noach goed op gong:

28 ekspedysjes beklimme mei mear en minder sukses oant 1900 ta de ferneamde berg, meastal tsjin hege “yntree”jilden oan de Turken. Yn de earste helte fan de 20ste ieu binne der yn dat Armeenske lânsdiel sa folle oarloppen, dat de berg hast foar eltsen-ien fijannich gebiet is.

Yn dizze tiid spilet de “Armeenske Kwesje”, wêrby’t de Turken beskuldige wurde fan “genocide” op hast in miljoen Armeniers.


Yn 1960 hearre wy dan wer wat fan de berg en fan de Ark.

In piloat komt mei in luchtfoto, dêr’t in skip op in bergtop te sjen is.

Yn 1977 giet dêr dan in Amerikaanske ekspedysje hinne en dy komt mei in soarte fan stiennen boatankers wer werom.

It Turkse Regear stiet foar de echtheid fan it fynplak yn (dat leveret har grou jild op fan de hûnderten toeristen dy't tastreame), mar in wittenskypelik ûndersykynstitút kreaket de "ankers" ôf as weardeleas . Tusken 1980 en 2003 geane Amerikaanske en Sjineeske ûntdekkers op reis, mar hja fine neat fan belang. Yn 2006 fynt in groep Turken in grut houten skot yn in soarte fan iiskoepel en yn it jier dêrop bart dit op nij. Mar oant no ta hearre wy niks fan neiere ûndersikings. Bliuwt de fraach: Soe it wier wêze kinne, dat in skip nei tûzenen jierren noch net (alhiel) fergien is? Sa't de berch der no hinne leit, soe it mooglik wêze: meters dikke snie en iislagen (perma-frost) bedekke de top, dêryn fergiet gjin hout. Mei it droech fallen fan de Ierde, moatte de bergtoppen dan rillik gou wer beferzen west wêze en dat liket my net ûnmooglik. Dêrom: wy moatte noch mar efkes sykjen bliuwe.

G.Z.



“Tenminste houdbaar”

Teminste hâldber is in bekend begriep by ús en dan stiet er in datum op de ferpakking.

Dat wurdsje “teminste” jout gelokkich wol wat romte.

De iene giet er wat makkeliker mei om, as de oare.

By ús Wurkferbân stiet yn de statuten ek soks. 12 jier!

No binne in pear bestjoersleden fan it Wurkferbân

al aardich oer de datum, u.o. de ûndertekene fan dit stikje.

Jimme sjûge dat wy soepel mei dat wurdsje “teminste” omgean binne, mar der binne grinzen.

Derom dizze oprop oan jimme , dy't “Hjelbeam” leaf hawwe om ja te sizzen as in berop op dy dyn wurd.

Mei in freonlike groet, Paulus.



In sillich Peaske
Frysk Oekumenysk Wurkferbân Hjelbeam